

Blyn rjocht

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 528 6

1e printinge 2023

© 2023, Pyt Damsma

Uitgeverij Elikser

Ossekop 4


8911 LE Leeuwarden

www.elikser.nl

Drukwerk: CSL digitaal B.V.

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Utjefte fan dit boek waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de skriuwer en de útjouwer.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Blyn rjocht

Pyt Damsma



Wat foarôf gyng

Ids Sytswerda stapte mei syn blinehûn Kjeld ta it skoallegebou yn. De konsjerzje, dy't fan syn kommen op 'e hichte wie, late him nei it lokaal dêr't er wêze moast.

“Om te witten wêr't se omhúsmanje, kinne jo op it joeljen wol ôfgean. It is in drok folkje dy trije-ateneum klasse.” Hy tikke foar it fatsoen op 'e doar, mar it hie fansels gjin inkeld effekt. Doe stuts er de holle om 'e hoeke en wonk nei de learaar. Dy seach him net en dus rûn de man ta it lokaal yn: “Mynhear Sytswerda foar jo!”

“Ah, moai sa. Dizze hokkelingen binne amper yn 'e stringen te hâlden. Se witte dat der wat oars as oars oan sit te kommen en dus binne se hielendal oerémis, om net te sizzen: sa gek as in holder. Lit him der mar ynkomme.”

Konsjerzje Lammert brocht it boadskip oan Ids oer en nei it kommando 'foarop' stapte er ta it lokaal yn en waard de doar efter him sletten. Lammert bleau eefkes op 'e gong stean te wachtsjen en fernaam dat it leven wei-ebbe.

“Goeie allegearre!” groete Ids, mei syn linkerhân noch oan de bûgel fan syn blinehûn.

Hjir en dêr hearde er wat grommeljen dat op in antwurd lykje moast.

“Wolkom yn trije VWO mynhear Sytswerda.” De dosint rûn mei útstutsen hân op Ids ta om te fústkjen, mar bleau doe wifeljend stean. In bytsje mei de situaasje ferlegen stammere de man: “O..o..ch, n..n...nim my net kwea ôf. It is de macht fan de gewoante.”

De learlingen gniisgabben.

Wat no krekt dy 'macht fan de gewoante' wie, wie de gastsprekker net hielendal dúdlik, dus bleau Ids, mei de holle

in bytsje skean, rjocht foar him út stoareagjen en stuts sún hân út yn de rjochting dêr't er de stim heard hie: "Idsard Sytswerda."

Tankber foar dit gebear fústke de learaar mei syn gast en stelde himsels ek foar: "Reindert Hoekstra. Mynhear Sytswerda, wolle jo derby sitte of hawwe jo foarkar om stean te bliuwen?"

"As ik derby sitte mei, komt my dat wol sa goed út. Ik kin it hear dochs net oersjen, no?" En tsjin syn hûn: "Sykje sitplak!" De Dútse harders hûn brocht him nei de iennige lege stoel dy't foaroan yn it lokaal by it buro stie. Ids fernaam it rûzebrûzjen en glimke wat. Nei't er in taast dien hie om út te finen wêr't de stoel krekt stie, gyng er sitten. Ids liet de bûgel los. Fuortendaliks joech syn hûn him neist syn baas del, de grutte earen as antenneskûtels omheech wylst er syn baas yn 'e gaten hâlde.

"Mynhear Sytswerda, tige wolkom en..." it rideltsje dat Ids as ambassadeur foar de KNGF al sa faak heard hie, waard ôfdraaid. Wylst besocht er wat fan de sfear yn him op te nimmen troch nei de lûden te harkjen en ûnbewust wat te snuven. In lokaal fol mei jonges en fammen fan wa't de hormoanen troch it liif joeiden, al dy swittende jongelju yn in beheinde romte mei net al te folle fentilaasje, it joech yn sa'n lokaal in aparte geur.

It heallûde praten fan in pear fammen dy't net al te fier fuort lofts fan him sieten, koe er yn it leven rûnom him noch krekt opfange: "In knappe fint, dêr soe ik sneontejûn wol mei te stappen wolle."

Al mei al hie Ids wol yn 'e gaten dat er de mouwen mar opstrûpe koe.

"Mynhear Sytswerda, it wurd is oan jo."

Ids gyng wat fersitten, slingere de iene skonk oer de oare en

naam in maklike hâlding oan. Hy wachte krekt sa lang oant er alle oandacht hie. Doe't it stil wie begûn er: "Tige tank, mar earst eefkes dit. It muoit my tige en miskien spitich foar de beide dames hjir lofts fan my, of foar ien fan beiden, dat ik sneontejûn net te stappen kin. Ik bin al ûnder de pannen." It rûgele him samar ta de mûle út.

De kaam dy't de fammen setten, koe er net sjen, mar oan it gnyskjen fan de rest te hearren, wie it net mis. Hy draaide syn holle yn de rjochting dêr't er fan tocht dat syn gasthear sitte of stean soe: "Ik krige it wurd, dat ik sil fuort mar útein sette?"

Wer hearde er gicheljen. Seach er de ferkearde kant op? Die ek neat. Sûnder op in antwurd te wachtsjen gyng er fierder: "Tige tank dat jimme my útnûge hawwe om wat oer myn blinehûn en oer mysels te fertellen. Mei ik jimme earst oan myn maat Kjeld foarstelle? Kjeld..., heech!"

As oanwizing lei Ids syn hân op it buro. De Dútse hardershûn lei syn beide foarpoaten op it buroblêd. In joeljen gyng op. "Ut namme fan Kjeld, tankewol. Jou jim mar wer del." En tsjin syn hûn: "Do ek. Lizze!" Hy gyng fierder: "Mýn namme is Idsard Sytswerda, foar freonen en kunde Ids, masterstudint rjochtswittenskippen en myn lêste jier oan 'e universiteit yn Grins. Spesjalisaasje, sektor strafmjocht. As jimme noch mear witte wolle, komt dat aansen wol oan 'e oarder. Fan myn berte ôf bin ik blyn. En om fuort mar op in fraach dy't grif komt, antwurd te jaan: ik sjoch likefolle as jimme en myn tomme, dus neat. Sjenden, lykas jimme, tinke measttiids dat folslein blinen yn 't tsjuster libje. Sjoch ik tsjuster? Nee, ik wit net iens wat tsjuster is. Tsjuster bestiet by de graasje fan ljocht en oarsom. As men ljocht sjocht, kin men it tsjuster ûnderskiede. Mar as ik net wit wat ljocht is, kin ik ek net witte wat tsjuster is. It is net te hearren en net te fielen. Ik

sjoch gewoan néat!” Dit lêste sei er mei klam. “Hy hjir” en Ids wiisde nei syn blinehûn “laat my troch ljocht en tsjuster. De eagen fan dizze fjouwerpoater binne myn eagen. Sa, dat wie de ynliding. Krij ik net in lûde ûntfangst lykas myn maat Kjeld?” Yn it lokaal bleau it mûskestil. Dêr’t de learlingen fan trije ateneum oars harren trekken waarnommen om oangean te kinnen, bleaunen se no sa koes as lamkes. De wurden oer neat sjen kinne, hienen tige yndruk makke, sa’t it like. Hie er se dêrmei no al yn ’e besnijjing?

“Binne der guon benaud foar in hûn? Gjinn hannen omheech want dat helpt fansels net.”

Fan in pear kanten kaam in “jaaaaa!!”

“Moai, dan doch ik no syn túch ôf en jou ik it kommando ‘frij’. Winliken is it net iens nedich om te sizzen, want sûnder syn túch wit er dat er net hoecht te wurkjen.”

“Oe! Nee! Dan komt dy wolf grif op my ta. Hûnen witte dat ik bang foar se bin en dan komme se krekt by my.”

“Ja, by my ek!” raasde in oarenien.

“Kjeld..., frij!” Oan de gjalpen fernaam Ids wêr’t syn hûn likernôch wie. Hy hearde stuollen fansiden skowen en oaren dy’t him oanhellen. Kjeld makke eefkes syn rûntsje en melde him wer by syn baas. “No, litte wy dan no mar écht begjinne. Jongelju, foar jimme is it hiel gewoan dat as ien tsjin jimme praat, jimme witte wa’t it is. Jimme kinne it gesicht sjen fan wa’t wat seit en witte dan krekt wa’t wa is of jimme werkenne de stimmen. Foar my is allinnich te fernimmen wêr’t it lûd weikomt en bûtendat, ik ken jimme stimmen net. Sille wy dêrom in pear spulregels ôfprate? Net trochinoar balte, want dan wit ik net krekt wa’t no wat freget of seit. As ien wat seit, earst eefkes de namme neame. Binne der learlingen mei deselde namme, dan ek de fan der eefkes by sizze. Ofpraat? Ik sil besykje jimme stimmen útinoar

te hâlden. Mar om in stim en namme byinoar te bringen, hat wat tiid nedich. Dan earst mar ris oer myn wolf, sa't ien niiskrekt sei." Ids fertelde oer de puppy-tiid fan in oankommende blinehûn yn in gastgesin, oer de oplieding, wat Kjeld foar him betsjutte en de kommando's dy't er leard hie. "Al jout Kjeld my in protte frijheid, dochs binne wy noch ôfhinklik fan oaren, benammen yn it ferkear. Acht fan de tsien kear wurde Kjeld en ik by it oerstekken hast fan 'e sokken reage. Jongelju op fytsen tinke: och dy bline fink sjocht my net? Ik kin noch wol gau eefkes foarlâns. Ek al haw ik myn read-wite oanwiisstôk rjocht foar my út, auto's stopje net en rache foar of efter ús lâns. Foar Kjeld is dat tige frustrearjend, want dy moat my feilich oerbringe. Myn hûn moat dan eagen foar, fansiden en efter hawwe en dat hat er net, hoewol't ik dêr bytiden oan twivelje, want hy wurket geweldich!

In oar probleem is ein desimber. Jimme kinne it al wol riede..., krekt, it fjoerwurk," folle er sels yn. "Foar hast elke hûn in tiid fan eangstme, mar de blinehûn moat foar syn baas wurkje en dat wurdt dan hast ûnmooglik makke. Of ik kin der net op út, of myn hûn moat kalmearjende tabletsjes hawwe. Mar as dat sa is, dan is er net alert genôch om syn wurk te dwaan. Konklúzje: ik sit in oantal dagen ferplichte thús of ik moat it knallen en it risiko dat ik of myn hûn it doelwyt is, foar leaf nimme."

Nei dit serieuze praatsje smiet Ids it no eefkes oer in oare boech.

"Wa wol my fertelle hoe let it is?"

"Bêdtiid!" raasde der ien. "Tiid foar it earste pilske!" kaam it út deselde hoeke. In tredde neamde gewoan de tiid.

"Mynhear Hoekstra," frege Ids sleauwei, "soenen jo de jongfeint dy't op bêd wol en dy oare, de sûplap, eefkes

nei foaren roppe wolle? Ik ken de beide hearen net en wol graach neier mei har yn 'e kunde komme.”

“Riemer! Riemer! ... Jehannes! Jehannes!” skandearren de oare learlingen.

In strang gebear fan Ids, de learaar hoegde der net iens oan te pas te kommen, twong it folkje ta stiltme. Mei koppen as pioenen sa read stroffelen de beide biisfeinten nei foaren ta.

“Kom mar rjocht foar my oer stean, of nee, gean mar neist my stean, hjir rjochts fan my, oars steane jimme myn hân yn 't paad. Mei jimme gesichten nei de klasgenoaten ta graach!” kommandearre Ids. “Hearen,” spruts er se ta, “ik wit út ûnderfining dat guon minsken ien mei in beheining bytiden net al te serius nimme.” By dizze wurden koe men in spjelde fallen hearre, sa stil wie 't. “Hearen, binne jimme fan it slach dy't ien mei in blinestôk oer de teannen rydt of fan tichteby útskelt om't er dochs net sjen kin wa't se binne? Ik kin jimme net ynkringend yn 'e eagen sjen en foar jimme miskien mar goed ek, want se soenen fjoer spatte.” Doe't Ids oerein kaam, stie Kjeld fuort neist him. Mei in wache blik yn syn eagen observearre er de beide jonges en skatte de situaasje yn.

Ids draaide him in fearnsslach nei rjochts, stuts syn hân út en frege: “Do bist?”

Hy fielde in grouwe knûst yn sines: “Ik bin Jehannes.”

“Do bist in mânske keardel oan dyn hân te fielen. Is dat ek sa?”

“Ik bin de lytste en meagerste net nee,” antwurde Jehannes wat dimmen.

Op 'en nij stuts Ids syn hân nei foaren: “En do bist dan Riemer.”

“Ja,” kaam it der wat ûnwis út wylst se fûstken.

“Okee, ik skat yn dat Jehannes it foartou nimt en do folgest him mar sa'n bytsje. Werkenst dat?”

“Dat wit ik net.”

“Yn dyn plak soe ik ek sa'n diplomatyk antwurd jaan. No wol

ik witte hoe tûk jimme binne. Ik frege niiskrekt nei de tiid fan de dei, mar dy kin ik sels ek wol lêze. Sjoch, hjir is myn horloazje. Lis no mar ris oan jimme klasgenoaten út hoe't in bline de tiid lêze kin."

Ids die it klokje fan syn pols en joech it oan ien fan de mannen. "Wa hat it yn 'e hannen? Do Jehannes of do Riemer?"

"Ik."

"Wy hienen spulregels ôfpraat," murk Ids op.

"Ik, Jehannes."

"Moai sa, no lis it mar út."

"It hat net in glês oer de wizerplaat en it hat gjin wizers. Ik sjoch dat de tolve boppe-oan in trijehoekje is mei de punt nei ûnderen ta. De trije, seis en njoggen hawwe in wat langer streepke as de oare..., no ja, sifers binne it net. In langer streepke as op it plak fan de ien, twa, fjouwer, fiif, sân, acht, tsien en âlve."

"Dat hast skerp sjoen. Jou it mar oan dyn apostel. Riemer, wat sjochsto noch mear?"

Dy bestudearre it ding fan alle kanten: "Ik sjoch twa knopkes. Ien óp de wizerplaat oan de râne en ien oan de bûtenkant. Fierders is it gewoan wat Jehannes ek al sei."

"Krekt! Kinst ek betinke wêr't dy knopkes foar tsjinje?" frege Ids.

"Ien foar de oeren en ien foar de minuten?" kaam it der wat wifeljend út.

"Alwer goed. Dy óp de wizerplaat jout de minuten oan en dy oan de sydkant de oeren. Is hjir in skriuwboerd mei fan dy sydflappen?"

"Ja, dêr!"

"Ik tink dat ik Riemer hear. Mar wêr is dêr?"

"Sorry, rjochts fan jo. Noch in fearnsslach draaie."

"Moai sa. Doch no beide de eagen ticht en fiel hoe let it nei

dit yntermezzo nó is en skriuw it oan de efterkant fan de flap. Jehannes, do lofts en Riemer rjochts. Net stikem troch de eachteisters op myn klokje gluorkje. Gean jim gong.”

De beide mannen fielden om bar, mei de eagen stiif ticht, oan it horloazje en skreaunen de tiid op de efterkant fan de flappen.

“Fertel mar!”

“14.30 oere!” melde Jehannes.

“15.31 oere!” kaam Riemer mei oansetten.

“Jehannes hat gelyk!” balten de oare learlingen.

“Hearen, tank foar jimme bydrage en no: út myn eagen. Dat is net sa’n drege opjefte, no? Opmiterje, nei jimme sitplakken! Ik nim oan dat it earne hielendal efteryn is?”

“Hm...!”

De beide jongfeinten skeuvelen werom nei harren stuollen. Doe’t se wer sieten, gyng in gerûs troch it lokaal. De selsspot fan Ids wie de learlingen net ûntgien en de beide opperteurs sieten wat ferbaldere foar harren út te sjen.

“As de oaren it horloazje ek fan tichteby sjen wolle, kom dan mar nei foaren ta.”

Oan it skowen fan tafels en stuollen fernaam Ids dat it jongfolk yn aksje kaam.

“Mei ik der eefkes oan komme om te fielen?”

“As ik my net fersin bisto de faam dy’t sneontejûn mei my te stappen woe. Dýn stim werken ik.”

It wie in skot yn ’e roas. It gebalt en geraas om him hinne makke dat wol dúdlik. En Kjeld? Dy die allinnich in stapke fansiden en luts him der fierder neat fan oan.

De jongelju namen harren plakken wer yn en Ids ferfette syn ferhaal: “Ik bin hjir net allinnich as ambassadeur foar it wurk fan blinehûnen, mar ek op útnûging fan jimme dekaan om jimme oan te trunen. Dêrom ek in ferhaaltsje oer

mysels en myn stúdzje. Fan fjouwer VWO ôf, de klasse dêr't jimme oer net al te lange tiid yn sitte, haw ik begelieding hân om nei it eineksamen it saneamde *Honour College* oan 'e universiteit folgje te kinnen. Dat betsjut, dat eksellente learlingen dan fan fjouwer of fiif VWO ôf ekstra wurk krije, mear útdaging. Se krije ferdjippjende learstof oanbean. Se sjogge oer de grinzen fan troch harren keazen fakken foar it eksamen hinne. Ik moast neist myn pakket dus ek oare fakken folgje en dêr eksamen yn dwaan. Net yn seis fakken, lyk as jimme oer in pear jier, mar ik koe kieze foar acht of njoggen. Ik haw sels yn njoggen fakken eksamen dien.”

In ferwûndere ‘hin???’ stiegde op.

“As jimme ek nei sa'n plak op 'e universiteit sollisitearje wolle, moatte jimme ambisjeus wêze, eksellearje wolle, trochsettingsfermogen hawwe en net sa'n bytsje ek.”

Mei ynmoed wiisde Ids de jongelju op de mooglikheden dy't der foar harren leinen.

“Selsdissipline is de wichtichste eask. Maklik is 't net. Dat jimme dêr noch in protte yn te learen hawwe, haw ik wol fernommen doe't ik deryn kaam. Ek haw ik yn myn stúdzjetiid rjochten, in protte ekstra dwaan moatten, mar ek in protte neilitte moatten. Neist myn reguliere kolleezjes, jûns noch oare kolleezjes folgje en mei studinten út oare sektoaren projekten útfiere. Ik moast my yn stúdzjes fan oare disciplines ferdjippe. Ik haw ûnder oaren psychology derby dien. Dat kaam my niiskrekt wol fan pas en foar in takomstige strafrojochter ek net ferkeard. Mar ik haw ek yn projekten mei studinten kompjûterkunde gearwurke. Ik haw maatskiplike staazjes rûn en gean sa mar troch. En dat alles, wylst ik likefolle as jimme of myn tomme sjen kin. Bin ik no sa'n geweldigenien? Fansels, wol in bytsje tûk, mar noch folle mear in trochsetter mei selsdissipline

en mei in fêst doel foar eagen. Ja, wy blien brûke gewoan deselde útdrukkings as sjenden. Ik lêš kranten, lêš boeken, lêš e-mails, ensafuorthinne. En eh..., jongfaam, fan stappen op de sneontejûnen wie gjin sprake. Men moat foar mear as hûndert prosint motivearre wêze, oars wurdt it him net. Hoe't it allegear suver krekt yninoar stekt, kinne jimme oan de dekaan freegje. As it goed is, kin hy jimme alles oer de oplieding fan it saneamde *Honour College* fertelle en oer wat dêr oan foarôf giet. Sa, no meie jimme losbaarne.”

De hikke wie fan 'e daam. De twa lesueren dy't der foar útlutsen wienen, wienen fierstente koart. De jonges en fammen hâlden harren kreas oan de ôfspraken fan net trochinoar balte en neamden harren nammen.

In bytsje wurch mar foldien reizge Ids mei syn maat Kjeld wer op hûs oan. Hy hie it mei dit stel hokkelingen, om de wurden fan harren learaar te brûken, der ôfswitten.

1

“Sykje doar! ... Wiis oan!” Ids Sytswerda hâlde stil foar de dokterspraktyk. Kjeld, syn blinehûn, stie mei de noas rjochting doarskruk. Syn baas fielde eefkes hokker rjochting dy útwiisde om út te finen wêr’t er taaste moast. “Hielendal goed!” Hy treau de doar iepen: “Foarop!” Noch in doar. Itselde ritueel fan oanwizen en hy stie yn de lange gong mei oan it begjin in loket dêr’t ien fan de assistintes efter glês it kompjûterskerm betsjinne. Se seach op doe’t er der ynkaam. Ids joech de kommando’s “doar lofts!... Wiis oan!” Doe kaam it frommeske ynienen oerein: “Wat sil dit? Jo meie hjir net mei in hûn ta de praktyk yn.”

Ids bleau stean en draaide syn holle rjochting it lûd: “Wa seit dat? Binne jo nij? Ik ken jo stim net. Trouwens, ik bin der hjir wol faker mei myn hûn yntôge.”

It jonge frommeske seach him op en del oan en observearre syn grutte hardershûn: “Ja, ik bin hjir nij en de hygiëne skriuwt foar...”

“Harkje ris eefkes, oer foarskriften sprutsen. Kenne jo de wet oer gelikense behanneling net? Witte jo net dat minsken mei in beheining, lykas ik, mei in blinehûn tagong hawwe ta iepenbiere gelegenheden en sintra foar sûnens? Is in dokterspraktyk in sintrum foar sûnens of net. Wat tinkt jo?”

It wie eefkes stil.

“Ik lis it mei de dokter oer,” sei se beret.

“Doch dat mar, al kin ik jo no it antwurd wol jaan. Kjeld, sykje doar links...! Oanwize!”

Sa koart oanbûn wie er net sa faak, mar nei alle gedachten hie de spanning him yn ’e besnijing.

Doe't er de wachtkeamer ynkaam, hie er fuortendaliks al wer it smoar yn.

“Och, wat in leave hûn.” Hy hearde de stim fan wat grif al in wat âlder wyfke wêze moast.

“Net oanhelje! Net aaie! Hy is oan 't wurk!”

It frommeske grommele: “No, dan net. Mar kin it ek wat minder brimstich?”

“Sykje sitplak!” Kjeld brocht him nei in lege stoel.

“No, no, dat jo hûn samar wit wat jo bedoele.” It wyfke wie alwer fergetten dat se har in bytsje misledige fielde.

It lei him yn 'e mûle om te sizzen dat syn hûn in universitêre oplieding oan de hûneskoalle hân hie, mar hy hâlde him mar stil.

Nei't de pear pasjinten dy't foar him wienen, dêrby ek it wyfke dy't by it derút gean dochs noch eefkes stikem in aai oer de hûnekop joech, swaaide de doar wer iepen: “Mynhear Sytswerda? Kom fierder,” kommandearre dokter Jellema mei syn swiere stim, wylst er de wachtkeamer ynrûn om Ids syn earmtakke oan te bieden. “Ik konstatearje dat jo allinnich binne.” Ids werkende de stim fan de dokter en kaam oerein. Kjeld stie fuortendaliks neist him. “Nee., bliuwe!” Dokter Jellema rûn foarop nei de sprekkeamer wylst Ids him by de earmtakke fêsthâlde. Mar goed dat er it grimmitige gesicht fan de assistinte net sjen koe. As eagen deadzje koenen, wie er sa tsjin 'e flakte trûzele.

Nei in koarte ynliding hearde Ids it slimme nijs: “De ûndersiken hawwe útwiisd dat jo sa goed as ûnfruchtber binne. De kâns om bern te krijen is hast nihyl of it moat wêze dat der in wûnder bart.” Hy prate oer de oarsaak: “It sperma-ûndersyk hat útwiisd dat it sied sa goed as neat docht. Mei oare wurden: it is net libben genôch, as gefolch fan cryptorchisme.” Wylst dokter Jellema it sei, seach er

dat de pasjint foar him oer syn wynbrauwen boppe syn neatsjende eagen wit hoe heech opluts. Hy betsjutte mei tomme en finger: “It sit sa: Crypto betsjut ferburgen of ferhoalen en orchid betsjut siedbal. Dus: ferburgen siedbal. Nei de berte fan in jonkje sakje de siedballen nei sa’n twa, trije moanne fansels yn de balsek. Soms bart dat hielendal net of der sakket mar ien yn, sa’t by jo it gefal is. Doe’t jo noch in poppe wienen, waard der net folle oandacht oan dit ferskynsel bestege. It sil fansels wol goed komme, sa wie de redenaasje Dat lêste is by jo net it gefal, sa’t jo grif sels al wol konstatearre hawwe. Sa’t ik sei, út ûndersyk hat no bliken dien dat jo sperma net...”

“Hâld mar op! Ik wit genôch!” It hearde hast mear op in skreau as op gewoan sizzen. “Ik ha gjin ferlet fan sok wiidweidich praat.”

“Ik sis mar sa’t it is,” gyng dokter Jellema ûnfersteurber fierder, as hie er de persoan foar him oer net iens heard, “en it komt hurd oan, dat begryp ik, mar ik wol jo en jo frou gjin falske hope jaan. Der kin wat oan dien wurde, mar om it te ferhelpen is in yngreep nedich dy’t al folle earder barre moatten hie. Mar goed, dat is net sa. As jo it no dwaan litte wolle soenen, bringt dat op jo leeftyd wer oare swierrichheden mei. De kâns op siedbalkanker wurdt oanmerklik grutter en de fruchtberens mar in lyts bytsje better, as dêr al sprake fan wêze soe. No, dat is it boadskip. It muoit my dat ik net better nijs foar jo haw.”

Ids wie telider slein.

Hoewol’t er in prachtige karriêre yn it foarútsjoch hie, stoarte syn wrâld dochs foar in part yn. Dat er sa blyn wie as blyn mar wêze koe, hie er yn ’e rin fan de jierren leard om te akseptearjen. Hy hie wol moatten. Boppedat, hy wist net

oars. Mar dit kaam hurd oan. Op it wurk wienen der wolris pleagerige opmerkings makke sa fan: “Ids jonge, do moatst der dochs ris mear wurk fan meitsje. Do bist no al mear as trije jier troud en noch neat yn ’e widze. Of sit dyn blinens dy yn ’e wei?”

Ja, rjochters en juridyske meiwurkers wienen ek mar gewoane minsken en mochten inoar graach ris narje. Hy besloech it dan sels ek mar mei de gek, om’t er wist dat se it net min mienden. Hoe faak prate er ommers mei selsspot oer neat sjen te kinnen? “Myn rekken foar it lampeljocht is moai wat leger as jimmes!” Yn mear serieuze petearen hienen kollega’s, freonen en kunde him gauris frege: “Hoe is dat no om altyd yn ’t tsjuster libje te moatten?”

“Neat tsjuster,” hie er dan andere en daaide it rideltsje ôf dat er ek brûkt hie doe’t er noch ambassadeur foar de KNGF west hie. Hy hie it skodholjen oer hielendal neat sjen te kinnen fansels net opmurken, likemin as de ûnleauwige gesichten dy’t minsken lutsen hienen. Mar oan de stimmen hie er wol hearre kinnen dat se it skraachoan begrepen. Se koenen harren der gjin foarstelling fan meitsje, likemin as dat hy him gjin reële foarstelling fan wat dan ek yn de wrâld om him hinne meitsje koe. Dêryn spilen se gelyk.

“No, dat is ’t dan. Ik sil jo wer eefkes nei de wachtkeamer bringe.” Dokter Jellema hyste syn grouwe liif oerein en rûn om syn buro hinne. Ids pakte him wer by de earmtakke en skode swiermoedich efter de man oan.

Doe’t Kjeld syn baas yn ’e kiker krige, bleau er kreas wachtsjen mei de earen rjochtoerein oant Ids de bûgel pakte. “Sykje útgong!” Kjeld wiisde de doarskruk fan de iene en doe fan de oare doar oan. Ids sykhelle djip. De froastige lucht prykte syn longen. “Nei hûs!”

No't syn hûn him hjir al in pear kear brocht hie, koe er it paad werom.

Rjochter yn oplieding Ids Sytswerda rûn as in aaisike hin troch de wenkeamer. Kjeld hie syn domisylje mar yn 'e koer socht. As syn baas sa ûnrêstich wie, koe er him mar better ûntwike.

It mealde Ids mar yn 'e holle om: gjin bern..., gjin bern..., nee, nea eigen bern krije sille. Gjineiteam mei de namme Sytswerda, gjin kâns op in stamhâlder. Ik hie nea trouwe moatten. Wat doch ik Minke oan? Dat soarte fan tizen kamen yn him op en noch folle mear oare.

Syn frou, dokter Minke Sytswerda, kaam letter op 'e moarn thús. Se wie út 'e liken. Nei't se earst de nacht op de ôfdieling haastgefallen fan it sikehûs trochbrocht hie en ree om nei hûs, wie in famke binnenbrocht. Dy wie troch in swiere frachtwein oanriden. Alle heins hiene wer op 't dek moatten, mar se hienen it net oprêde kinnen. It libben wie út it tige skeinde lichemke gliden. Se hienen har gean litte moatten.

“Ast it net slim fynst, gean ik no eefkes op bêd en ast it al slim fynst ek,” snottere Minke. “Dy earne âlders. Dy..., dy...” Doe roffele se by de treppen op.

It wie har wize fan reagearjen op ferheftige dingen. Yn 't foarste plak it earst sels ferwurkje en besakje litte, harsels werfine. En dan, mei it folle ferstân der goed by, wer fierder gean.

Yn 'e rin fan de middei kaam Minke nei ûnderen ta.

“Ids, ik wie fan 'e moarn wol koart foar de kop, mar dat wy it bern net rêde kinnen hawwe, siet my tige, mar dan ek tige heech.”

“Dat wit ik dochs?”

“Jou net sa’n stom antwurd. Hoe kinsto no fiele wat ik fiel?”
reagearre Minke, sa’t it like noch hieltyd fan ’t sintrum.

Ids antwurde mei stilswijen. Dat wie neffens him op sokke mominten mar it bêste. Mar nei in hoartsje: “Wêr bist, dan sil ik it wer goed meitsje. Kjeld, helje frou.”

“Healwize bline mol fan my. Ik moat it goed meitsje. Hjir, krigest in dikke smok. Mar dan moatst wol troch de hoksen, lang ein datst bist.”

Mei syn goed ien meter fiifentachtich stiek er yndied in ein boppe har út. Troch har Yndiaaske komôf wie Minke krekt wat lytser as de trochsneed Nederlânske froulju. Mar wat him oanbelange koenen dy allegearre de beam yn. Se wie in fûlenien, mar der wie foar him mar ien Minke Sulakshana Sytswerda-Menger, ien mei in hert fan goud.

“Minke, ik haw fan ’e moarn foar de útslach by dokter Jellema west. Sitst? Hâld dy oars mar fêst.”

Hy fertelde yn sobere wurden wat de man him meidiel hie. Syn eigen swiere teloarstelling besocht er earst mar fansiden te skowen. Yn ’e rin fan ’e jûn of oars de oare dei soenen se it der noch wol oer hawwe. Hy hie ek tiid nedich om it te ferwurkjen, mar dan op sýn eigen wize.